



51

literêr projekt neistribben. *Tamango* liket dy tradysje te folgjen en hat ek muzikaal raakflakken mei *Berlin*: in trochrinnend (tragysk) leafdesferhaal, sello's, fielen, stadige ritmes. Mar it lûd fan gülende bern dat troch ieren en sinen giet, lykas op *Berlin*, ûntbrekt gelokkich.

The Negroes spylje diskear net mei – ynstee dêrfan is in keur oan gastmuzikanten brûkt, lykas sellisten Floris te Boekhorst en Jochem Kooi en fioeliste Laura ter Beek. En wa't Meindert Talma altyd in nijsgjirrige muzikant achte, mar him as sjonger te nuver fûn, dy kin ek wol op *Tamango* loslitten wurde. Ek foar de sang binne minsken fan bûten ynhiere: sjonger Jurgen Veenstra, mei syn Lou Reed-achtige, krektwat monotoane stim, en sjongeres Klaske Oenema nimme de honneurs waar. Beide leverje deeglik wurk ôf, mar sa bysûnder as Meindert sels, klinkt it net.

De bylden op 'e dvd binne mei ynspirearre op âlde super-8-bylden dy't filmer Michael Hall yn Amearika en ferskate plakken yn Europa sketten hat. Guon fan dy bylden komme yn *Tamango* werom, yn sênes dêr't *The Tourist* (spile troch Hall sels) de oantinkens troch de holle spoekje. De rest is op lokaasje yn Grins filme. Under oaren op it Suderbegraafplak, mar it measte spilet him ôf yn in hotelkeamer:

*Went back to my hotel, picked up the telephone and said:
'Send me a girl, do you know that Everly brothers-song
Whenever I want you all I have to do is dream.
Send me a girl I can dream wish and let her name be Jackie Hall'*

De akteurs (Behalve Michael Hall binne dêr Anoeska Kooi as Jackie, en debutante Susanne Clermonts as The Callgirl) hoegje gjin teksten út te sprekken. Dy teksten sitte ommers yn 'e

ferskes en fierders draacht de muzyk de bylden. Sûnder de muzyk bliuwt der net in bult nijsgjirrichs oer. In man op in hotelkeamer. In akteur dy't omstapt yn in hotelkeamer. In akteur op in set. Dêrtrochhinne super-8-bylden. Wol op moaie muzyk.

In soundtrack kin ornaris net hielendal sûnder film. De muzyk draacht ta oan de bylden. Mar sûnder dy bylden bliuwe noch lege romten oer. By *Tamango* is dat oars. Ek sûnder film litte de ferskes (tolve, wêrfan fjouwer ynstrumintaal) har bêst beharkje. Dat hat te krijen mei it nivo fan de ferskes. *Tourist arriving*, *Tamango* en *Cry like a baby* boeie op subtile wize en de minimale melody fan it ôfslutende *Goodbye Tamango* wurket perfekt. In earwjirm. It hat ek te krijen mei de wize fan tekstskriuwen: yn elke tekst wurdt in sêne ferteld, sûnder al te folle ynformaasje wei te litten, en dy wurden wurde op in nochtere melody yn 'e muzyk ramd. Om it ferhaal te folgjen is de film net nedich.

*The tourist loved this knock-out girl / Her name was Jackie Hall
For a few months they were lovers / and today is Jackie's funeral*

(út *Tourist arriving*)

Yn 'e muzyk is it bodzjen fan de komponist te hearren. Der sit krêft yn, en spanning. En krekt as Lou Reed, kin Talma mei in rake 'twist' muzikale pikefelmominten oproppe. Bygelyks wannear't *The Tourist* syn Jackie foar de geast krijt in in monolooch ôfstekt ('Oh Jackie, you're the loveliest girl') dy't hieltyd mear op it wrange oanstjoerd ('I'm an empty bottle, Jackie / You're nothing more than dogshit, Jackie'), oant it wreed wurdt, en dan, as tekst en muzyk brekke, de rigel 'Cry – y like a baby', op in toan dy't oanfielt as swit op in koartsige hûd.